

Taspraak fan de sjuery fan de Bernhard Smilde-priisfraach fan de Stifting Krúspunt foar it skriuwen fan in Pinksterliet op sneon 13 april 2013 yn “De Lantearne” yn Akkrum

1 Gearstalling sjuery

Yn it foarste plak wol ik mei út namme fan de beide oare leden fan de sjuery, ds. Edna Zwerver en Olchert Clevering, tsjerkemusikus en kenner fan de tsjerkemuzyk, tankewol sizze oan it bestjoer fan Krúspunt dat jim ús de skoandere taak tabetroud hawwe om nije Pinksterlieten te hifkjen.

Dit sjuery-trijemanskip fertsjintwurdiget de trije disiplines dy't derta dogge foar de tsjerkemuzyk: de teology, de musicology en de taalkunde, alles yn de wiidste omfieming - oars sein: it Wurd, de toan en de wurden.

Wy hawwe it wurk mei wille dien en wy tidigje derop, dat jim bestjoer ús oardiel oer de ynstjoerings oannimme wol en de foardracht fan it bêste Pinksterliet oernimme sil troch de priis ta te kennen.

2 Idee fan Pinksterliet

It skriuwe en komponearje litten fan in Pinksterliet past by de oarspronklike gedachte fan it KFS en dus ek hielendal by it hjoeddeistige Krúspunt. De kristlike ynspiraasje fan Pinkster yn Hanlingen 2 is ek de boarne fan de ynspiraasje – ik soe hast sizze de *raison d'être* fan it eardere KFS en RFB, fan it nije Krúspunt. It earste tydskrift fan it KFS hie in titel as in programma: “Yn ús eigen taal”. Yn dy tiid wie dat programma ek nedich om it doel fan de Fryske taal-emansipaasje yn it tsjerklik domein as in dúdlik boadskip del te setten. Oars as yn mannich oare minderheidstaalgebieten wie it tsjerklik domein net de driuwende krêft foar de emansipaasje fan it Frysk. Dat is de lêste 100 jier stapke foar stapke wol sterker wurden, it brûken fan Frysk yn de tsjerke is njonkenlytsen wol “salonfähig” wurden, mar jout ek noch geregeldwei fragen en diskusje yn de parochy's en gemeentes.

Jierrenlang wie de tsjinst op Pinkstermoandei ien fan de hichtepunten fan it jier foar it KFS.

Dêrom is it ek wol wat apart, dat der net folle Pinksterlieten yn it Frysk binne.

Wy witte nammers formeel noch net hoe't dat aanst komt yn it nije Lieteboek, mar blykber hawwe de foarige generaasjes Fryske lietskriuwers en komponisten mar in betreklik lyts bytsje lieten spesjaal foar it sjongen op it Pinksterfeest skreaun. Dat kin aanst oars as guon fan de ynstjoerde liet-teksten mei muzyk derby ta klinken brocht wurde en dêrtroch echte lieten wurde foar de gemeente fan it Pinksterfeest. Dêrom allinnich al is it in goed inisjatyf fan de Stifting Krúspunt om troch it middel fan in priisfraach ien of mear nije Pinksterlieten yn it Frysk yn it ljocht te krijen.

3 Organisaasje priisfraach

De organisaasje gong wol wat hastich om en ta: yn jannewaris lêstlyn kaam it idee op en fuort dêrnei de oprop oan skriuwers en komponisten; de kapdatum foar it ynstjoeren waard steld op 22 maart en de sjuery moast foar 6 april út de ried wêze. Dan koe de priis op de gearkomste fan hjoed bekind makke wurde en it liet faaks op Pinkstersnein 19 maaie al songen wurde, sa wie de hjitting.

Mei sa'n koarte tiid fan tarieding foar de lietskriuwers om in nij liet te skriuwen en / of te komponearjen, kin men it suver in Pinksterwûnder neame, dat der 19 ynstjoerings wienen.

Dat is yn alle gefallen it earste winstpunt fan dit inisjatyf fan Krúspunt.

Dat tal en de útienrinnende oanpak fan de ynstjoerders hat de sjuery wol foar in probleem set: Fan de 19 ynstjoerings bestienen njoggen út in tekst sûnder meldij, seis ynstjoerde lieten hienen én in nije tekst én in nije meldij, wylst fjouwer lietskriuwers gebrûk makke hawwe fan in besteande meldij. Dy trije skiften binnen neffens de betingsten tastien.

Der binne gjin lietteksten yn ien fan de Fryske streektalen ynstjoerd – dat koe oars wol neffens de betingsten fan de priisfraach, as der mar in oersetting yn it Frysk by oanlevere waard. Ien tekst is yn it Nederlânsk ynstjoerd, mar sûnder Fryske oersetting – dat koe de skriuwer neffens de lakonike opmerking derby net foar elkoar krije. Dy foel dus bûten beoardieling. Doe wienen der noch achttjin.

Der wie ek noch in ynstjoering dy't om in hiel oare reden bûten beoardieling foel, nammentlik ynstjoerd troch in bestjoerslid fan Krúspunt. Dy ynstjoering bestie út in moaie Fryske tekst yn fjouwer kûpletten mei in hiel aardige meldij.

Twa fan dy fjouwer kûpletten reitsje de geast fan Pinkster: “de Geast stjoert wêr't wy rinne.

Och jou ús moed en hoop op moarn oan de ein ta fan de lannen. /

Leafd'is de kroan, Jo Geast is goed, Jo hawwe ús paad yn hannen.”

Dat liet is yn alle gefallen in liet foar de gemeente, mei de ynset fan “ús as gemeente” mei in boadskip foar de breedte fan de wrâld fan alle lannen. Mar goed, dy ynstjoering docht formeel net mei, dat doe wienen der noch santjin lieten om te hifkjen.

Ik gean no net fierder mei it besprekken fan eltse ynstjoering dy't net yn de prizen fallen is, dan wurdt it in ôftelferske!

4 Beoardieling

De sjuery wol graach yngean op in oantal positive observaasjes by in stikmannich fan de ynstjoerings en de kritearia dy't foar de sjuery fan belang west hawwe om ta in definitive kar te kommen.

It liet moat wol in liet wêze, de minsken moatte op it gehoar sa'n liet graach sjonge wolle. It giet dêrby fansels om de kombinaasje fan wurd en meldij, metrum en ritme, taalrykdom en idee-útbylding dat in sjongsum spiritueel gehiel úmakket.

Yn de betingsten fan de priisfraach wurdt útdruklik frege om in gemeente-liet, dat songen wurde kin yn de gemeente of parochy. In wichtich kenmerk fan soksoarte lieten is, dat de kûpletten deselde muzikale foarm hawwe, dat net elk kûplet freget om in meloadyske oanpassing of sels in oare sjongwize. Tink bygelyks mar efkes oan Gesang 62 “Wie oren om te horen heeft”: elk kûplet hat in oar metrum; dat sjongt net maklik en dêrfoar binne mannich lytse bôchjes, lytse noatsjes ensfh needsaaklik om wurd en toan by elkoar te hâlden.

It is noch net sa ienfâldich om de kombinaasje fan Wurd en toan yn goed lykwicht te hâlden!

Fan de 19 ynstjoerings hawwe 12 it begryp liet-tekst goed begrepen. Dat wy hawwe om dy reden ek in stikmannich oan kant lizze moatten. Spitich, want der wienen ek wol goede teksten by, dy't faaks mei noch wat langer tiid fan rypjen ta goede liet-teksten ûntwikkele wurde kinne soenen.

In goede meldij moat ek sels d.w.s. los fan de wurden in snaar reitsje kinne, ûntroering tweeach bringe, krekt troch de goede ferhâlding fan toan en wurd, better sein: wurd en toan - yn dy

folchoarder, ommers de muzyk is tsjinstber oan it Wurd en net oarsom. Troch de goede kombinaasje fan it Wurd, de toan en de wurden ûntstiet de lietmuzyk.

De dichter fan it liet “Trochstream my” hat dat goed dien yn kûplet 1 en 2, wêryn’t muzikaal tawurke wurdt nei it wurdje “moed” respektivelik “(it) goede”; spitigernôch is dat net slagge yn de beide oare kûpletten. Wol wer moai yn dat liet mei as kearnwurd “trochstreame” is, dat de meldij sels sûnder rêsten streamt as in rivier fan klanken en wurden.

Sa’t al opmurken is, fjouwer ynstjoerings hawwe gebrûk makke fan besteande sjongwizen. Dêr wienen prachtige meldijen by lykas dy fan it Jiddyske liet “Donna, Donna”. Dy fjouwer binne elk foar oar ek geskikt foar de fleurige gemeentesang fan Pinkster, mar de sjuery hat de winnende tekst krekt wat heger setten omreden fan de rykdom fan de taal en de djipgong fan bylden.

In poerbêst Pinksterliet moat ek in liet wêze dat past by de tiid en de minsken fan no. Dat betsjut dat it net te argaysk yn taal en tinken wêze moat en werkenbare bylden brûkt. Dan kinne ek de jongere minsken it liet har eigen meitsje en it graach sjonge yn de kommende tsientallen jierren. Dêr past net mear it byld fan God as in strange Heit by of in wurdkar dy’t allinich oan eartiids tinken docht. Yn in goed nij liet wurdt de spanning tusken tradysje en fernijing, it bekinde en de ferrassing fan in byld dat jin op ‘e nij oan it tinken set, fruchtber makke. Soks betsjut ek, dat de teology net tichttimmerre wêze moat. Dan giet elke spanning ferlern en hoege minsken net mear sels nei te tinken.

De echte keunst hat de kombinaasje fan byldzjend-ienfâldich en klankryk taalgebrûk, sa treffend, dat gjin wurd tefolle is. It liet “Syn fjoer baarnt yn myn herte” komt dêr tichteby, bygelyks yn it refrein:

“O, syn fjoer baarnt yn it herte / En syn wyn waait alles skjûn /
Want syn geast bringt oare wetten / En syn wurden nij begjin.”

Mar krekt de begjinwurden fan dy fjouwer rigels: “O, en, want, en” dogge ûnderstek oan de kwaliteit fan sjongsumens en meitsje it fers ek wat praterich.

De tekst moat net allinnich ynhâldlik passe by it boadskip fan Pinkster, de sinnen moatte ek grammatikaal rinne en de betsjutting moat dúdlik en logysk wêze.

Soks betsjut ek, dat de ôfwikseling fan “wy” en “ik” net geskikt is yn in gemeenteliet, lykas it Pinksterliet (nr. 6) mei it moaie – mar rymleaze - refrein:

“Yn in kâlde wrâld baarnt it hillich fjoer / dat minskewurden strielje lit.

As wy jo stimme yn ús lûd werkenne, / wurdt alle frjemde taal opnij ferstien.”

5 Oardiel en foardracht

Doe’t de sjuery alle lieten en meldijen goed besjoen en beharke hie, alles oereide hie, kaam der in ienriedich foarstel foar de bekroaning.

It Pinksterliet dat de sjuery hjirby foardraacht foar de priis ferhellet yn fiif kûpletten op byldzjende wize it Pinksterferhaal fan Hanlingen 2, mei de bekinde bylden fan de wyn dy’t waait en it fjoer dat baarnt. It liet azemt in iepen sfear en is tagelyk yntym, it jout romte foar eigen bylden by Pinkster en ropt dy bylden ek op, útrinnend op “de moed en de krêft om op te stean”.

It twadde kûplet ferwiist nei de Joadske oarsprong fan Pinkster, de rispinge dy’t fierd waard mei it loofhutfest. It fjirde kûplet is hiel moai:

“Sy helpt ús as in mem oerein / as wy fertrietlik of ferslein
de moed ferlern ha om te gean. / Sy jout de krêft om op te stean.”

It lêste kûplet wiist ús de wegen dy't wy gean kinne, fol fjoer en yn beweging brocht troch de Geast. De sintrifugale wurking fan de Geast klinkt dúdlik troch yn dit kûplet. It is de Geast dy't ús yn har beweging meinimt. Dy middelpuntwikende krêft omslút net allinich de leauwige minsken, de tsjerke, mar de hiele wrâld. Dy Geast stjoert ús op 'en paad. Wy kinne de Geast dan ek net sa mar heine of fêstlizze yn in ien byld, opslute en fêsthâlde yn ien taal of ien gebou.

Dat ferskaat komt ek prachtich oan it ljocht trochdat de Geast yn dit liet as froulik foarsteld wurdt – oars as de mear tradysjonele foarstelling, dat de Geast manlik (grammatikaal) is of ûnsidich (teologysk). De dichter fan dit liet noaget ús út om te priuwen oan in froulik byld foar de Geast. Dat mei ús ynspirearje. Dêrby is it miskien wol aardich te betinken dat it Hebrieuske wurd “ruach” (geast) froulik is, dat de Hillige Geast yn it Gryks “paraklêtos” (treaster of advokaat) manlik is en dat it Grykse wurd foar geast “pneuma” ûnsidich is.

Wat de Fryske taal fan dit liet oangiet noch it folgjende: it taalgebrûk sels is sûnder wryt of slyt, de wurdkar tige yn oarder en dochs goed nei te kommen foar alleman dy't wolris in Bibeltekst yn it Frysk lêzen of heard hat. De dichter tilt it tema fan de eigen taal ek troch de komposysje út boppe it nivo fan in taalpreek, nammentlik troch it tredde, dus it middelste kûplet:
“Sy sprekt in taal dy't elk ferstiet, / dy't streekrjocht nei it herte giet. /
Har wurden hâlde leafde yn, / de frede fan de simmerwyn.”

By eintsjebeslút draacht de sjuery mei dit Pinksterliet (nr. 9) in liettekst foar dy't op it stuit dat wy ta in beslút kamen, noch gjin meldij hie. Mar it bestjoer fan Krúspunt hat daliks neidat wy ferline wike freed ús foardracht bekind makke hienen, oan de komponist Jan de Jong frege om it liet op muzyk te setten, dat dit liet kin fan 'e middei – oars as wat de sjuery tocht - al songen wurde!
Dit liet sil net daliks al mei Pinkster 2013 yn de parochy's en gemeenten yn Fryslân songen wurde. De sjuery trunet it bestjoer fan krúspunt oan om foar ankommen jier in kampanje op te setten by alle mear as 500 tsjerken yn Fryslân om op Pinkster 2014 allegear itselde liet te sjongen; as yn 2014 net daliks alle tsjerken meidwaan wolle, is 2015 in goede gelegenheid om 100 jier nei de earste Fryske preek – de start fan de emansipaasje fan it Frysk yn it religieuze domein – wol alle Fryske tsjerken op Pinkster 2015 dit liet sjonge te litten. Dat is dan net sasear bedoeld as in aardichheidsje foar it Guinness Book of Records, mar in befêstiging fan de emansipaasje en de yntegraasje fan it Frysk yn it tsjerklik domein.

Ik wol graach beslute om mei út namme fan de beide oare sjuery-leden ds. Edna Zwerver en Olchert Clevering de hertlike komplimenten oer te bringen oan de skriuwster of skriuwer fan it Pinksterliet: in ynspirearjend liet!

Alex Riemersma